



Doarpskrante **Linepraat**

Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum



- **Berneopfang 15 jier**
- **De Beamsjirurch**
- **De Reduster Imker**
- **Malora en Famke op BIS**

Juni 2023

Kolofon

De Linepraat is de doarpskrante fan Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum, ferskynt 11 kear yn 't jier op 'e leste tongersdei fan de moanne, útsein yn july. Oplage: 590 eksimplaren

Kopy kin oanlevere wurde fia linepraat@gmail.com yn Word lettertype Verdana 9. Tekst NET oanlevere yn pdf.

Redaksje: Henk Korf, Sietie Boersma, Geesje Oosterloo, Titia Tilma, Jantsje Kalsbeek, Janet Wijnstra en Dirk Vermeulen.

Korreksje: Gerrie de Leeuw
Printwurk: Theo v.d. Woud en Renus von Bannisseth
Oare Meiwurkers: Tsjikke Boonstra, Alie Fennema, Loekie Renia, Zus Tiesema, Thyske Oosterhof, Boukje Zijlstra, Annet de Vries, Minke v.d. Haak, Klaasje Sikkema, Griet Hofstra en Geeske Smorenborg.

Leden: Alle ferienings út de doarpen kinne lid wurde. Hja betelje in fêste bydrage en kinne dan fergees eltse moanne harren teksten oanlevere.

Advertinsjes: Advertinsje kosten krije jo op oanfraach. In advertinsje perioade rint meastentiids fan augustus o/m juny. Tuskeentiids pleatse of feroarje is wol mooglik. **In frijwillige bydrage is altyd wolkom op bankrekken nr. NL12 RABO 0356252612** Ynwenners fan de fjouwer doarpen krije de Linepraat fergees, omdat eltse ynwenner lid is fan in feriening. De 'post-adressen' betelje € 30 yn 't jier.

Hawwe jo net in Linepraat krigen, nim dan kontakt op mei Geeske Smorenborg til.602164

By kopy dy't te let binnen komt jouwe wy net de garânsje dat it pleatst wurdt. De redaksje mei kopy wegerje en ynkoartsje en is net oanspraaklik foar de ynhâld. Oankundigingen en oare kopy wurdt mar ien kear pleatst, útsein de ferslaggen fan jiergearkomsten.

Yn dizze Linepraat

Foarwurd	3
Aginda/Ald papier	4
Op 'e Kofje	5-6
Gedicht fan de moanne	6
Windlust	7
De Bistedokter	9
Dodenherdenking	11-12
Zonnepanelen	12
Dy tiid hat west	13
Stage van Noa	15
De beamsjirurch	17
It stikje fan Koos	19
Kort nieuws	20
15 jaar Berne-opfang	21-22
Mûne feest	22
De dierenarts vertelt	23
Versmarkt	23
Skoalle	27-31
Berne-iepenloftspul	32-33
Mededelingen	35
Friens	37
Dit ben ik	39
Kerk	41-44
Doarpsbelang Reduzum	45
Merke	45
Tegewippen	46-47
Kuier 3 daagse	49
Sportnieuws	51
Kaatsen	53
Gymnastiek	54-55
Voetbal	55
Volleybal/Teatsen	57
Korfbal	58-59
Wisten jo dat..	60

Foto foarblêd: De kij yn Eagum fine har plak yn optocht nei de greide. (Foto: Dirk Vermeulen)

Trochsette!

It is novimber 1991. De earste wynmûne kin mei in lyts keunstke yn beweging brocht wurde. Flagjes tusken de beammen, de fanfare op in platte karre, de god fan de wyn, Aeolus mei in sek fol wyn en nei it feest allegear oan de wyn yn it kafee.

Tsien jier letter opnij feest. We sjonge mei Hylke: As men dan it doarp út rint, sa'n tûzen meter dêromtrint en dan de eagen iepen docht, dan leaut men faaks net wat men sjocht. Der stiet by de Blauwe Tinte in ding dat eltsenien ferwûndert, dat is ús eigen Micon M, de Micon M sânhûndert! Wer tsien jier letter wurdt der al stadichoan tocht oer ferfanging. De hjoeddeiske mûnen leverje folle mear stroom op, in lyts bytsje heger soe noch folle better wêze.

"Gjin sprake fan" seit de provinsje: "We hâlde jim oan de rigels, we meitsje gjin útsûndering!". De mûnegroep set troch: rjochtsaken, heger berop, sels de minister kaam der oan te pas. En dan wurdt it septimber 2019. Nei fiif jierren fan argewaasje, teloarstellings, tsjinwurking, tsjinslaggen, mar positive Provinsjale Ferkiezings komt de wethâlder fan Ljouwert mei de fergunning foar in nije mûne mei tiphichte fan 77 meter nei de Blauwe Tinte.

Wat hat it in geweldich protte enerzjy koste om de provinsjale oerheid sa fier te krijen dat de âlde mûne ferfongen wurde mocht. Mei alle mooglike stipe fan it gemeentebestjoer is it dan dochs sa fier dat der in nije mûne stiet: in bytsje heger, mar in hiele protte bytsjes mear opbringst.... wol fjouwer kear safolle!

Petsje ôf foar de mûnegroep.
In fear yn 'e kont is op syn plak!
Henk.

Redúster wynmûneliet

wurden en muzyk: Hylke Tromp

Hast midden yn de Fryske wrâld
net fier fan Swin en Swette,
dêr leit it doarp dêr't ik fan hâld,
dat libbet yn myn herte.
It hat gjin staasje of poeha,
gjin stinzen of kastielen,
en ek gjin toer fan Bonnema
och, eins is 't dêr mar pielen.

Refrein

Mar as men dochs it doarp út rint,
sa'n tûzen meter, dêromtrint,
en dan de eagen iepen docht,
dan leaut men faaks net wat men sjocht,
want dêr stiet by de Blauwe Tint
in ding dat elkenien ferwûndert,
dat is de Micon M - ús eigen Micon M -
dat is de Micon M - sân (*) hûndert.

(*) hjir sit ien tel rêst en klinkt it bestjoer mei twa wynglêzen op ús griene takomst.

Wy hawwe hjir gjin Rysterbosk,
gjin Bakkefeanster heide
gjin Pôle, mei of sûnder frosk:
it is hjir neat as greide.
De mar, dêr stiet gjin wetter yn,
in Klif kinst hjir ferjitte.
der wie in Haven, lang ferlyn,
mar dy is kreas bestrjitte.

Refrein . . .



Wy hawwe net in Aldehou
of Snitser wetterpoarte,
der stiet hjir mar ien âld gebou
de tsjerke fan Roartha.
De trije romers bin ferdwûn,
de Eendracht hat gjin tsiis mear.
mar 't doarp is goed foar kat en hûn
en foar in inkelde iisbear.

Refrein . . .

Wy hawwe ek gjin yndustry,
no ja dan: hiel beskieden,
ien kear yn 't jier in bradery,
mear haw' wy net te bieden.
Mar dêr sit net in minsk oer yn:
want it wol hjir wol waaie
en dan giet it ús foar de wyn,
dan kin de mûne draaie.

Refrein . . .

Agenda



2	jun	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00
2	jun	Qlubbred	We gaan Zwemmen 19:00-21:00 Vertrek sportveld 18:15
4	jun	Kerk	Idaerd 11:00 Mevr. A.M. Dijkstra
5	jun	Vrouwen v Nu	Fytsklub 13:00 by De Welp
6	jun	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
10	jun	Keatsen	Regiokaatsen jeugd 13:00
11	jun	Kerk	Reduzum 09:30 Pastor C. Bos
12	jun	Koffie drinken	Lokaal achter de kerk 10:00
15	jun	Kerk	Kerkenraad gemeenteavond Lokaal Reduzum 20:00
18	jun	Kerk	Friens 09:30 Pastor C. Bos
18	jun	Keatsen	Eelke en Anne partij 13:00
24	jun	Rommelmmerk	Rommelmmarkt (TDS - KV Mid Fryslân)
24-25	jun	Merke Friens	Merke in Friens
25	jun	Keatsen	Ledepartij mei Wytgaard yn Reduzum 10:00
25	jun	Kerk	Reduzum 09:30 Mevr. E. Groeneveld
30	jun	Bijpraattafel	Café De Welp 16:30-19:00
1	jul	Festival	Muzuder Iepen Loft Festival op terrein Sjoerd de Boer 16:16
3	jul	Omrin	Inzameling Klein Chemisch Afval Reduzum
3	jul	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
5	jul	Vrouwen v Nu	Fytsklub de hiele dei. 9:30 by De Welp
5	jul	Omrin	Inzameling Klein Chemisch Afval Idaerd en Friens
7	jul	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00
8	jul	Kerk	Tjerkepaad en Orgelpaad Reduzum 15:30
9	jul	Keatsen	Ferrassingsparty ouder/kind kaatsen 10:00
14	jul	Keatsen	Nacht keatsen 21:00
15	jul	Volleybal	Terp volleybal toernooi, achter café de Welp 14:00-17:00
28	jul	Keatsen	Muorrekeats toernoai 19:00
29	jul	Kerk	Tjerkepaad en Orgelpaad Reduzum 14:30 / Idaerd 15:30
7	aug	Vrouwen v Nu	Fytsklub 13:00 by De Welp
12	aug	Kerk	Tjerkepaad en Orgelpaad Reduzum 13:30 / Idaerd 14:30
1	sep	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00
1-4	sep	Merke	Merke in Reduzum The roaring 20's
2	sep	Keatsen	Sêfte bal partij 13:00
3	sep	Keatsen	Haadklasse froulju en 1e klasse KNKB manlju 10:00
9	sep	Keatsen	Frije Federaasje partij 13:00
11	sep	Vrouwen v Nu	Fytsklub 13:00 by De Welp
17	sep	Teatsen	Teatsen 10:15
6	okt	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00

Kopij Linepraat

Linepraat:	Uiterste inleverdatum kopij:	Verschijningsdatum:
Juli	21 juni tot 12:00 uur	29 juni
Augustus	-----	-----
September	23 augustus tot 12:00 uur	31 augustus
Oktober	20 september tot 12:00 uur	28 september
November	18 oktober tot 12:00 uur	26 oktober (+ bewaarkrant)
December	22 november tot 12:00 uur	30 november

Ald papier

2023	Idaerd	Friens	Reduzum		Reserve
21 jun	Tjipke	A. Visser	J.W. Schreiber	P. Brouwer	A. Korf
19 jul	Leander	A. vd Meulen	J. de Jong	J. de Boer	A. Meckes
16 aug	Jelmer	A. Brouwer	W. Bijker	T.H. Brouwer	J. Langeveen
13 sep	Lolke	K. Kamstra	S. Fennema	Jan Bergsma	J. Dijkstra

Op 'e kofje tee by

Op 'e tee by Willie en Greet Bergsma, ymkers yn Reduzum

Al sa lang as we buorlju binne, hawwe Willie en Greet bijen en dat is no 38 jier. Us kat wie destiids oan it sneupen en seach wat nijs by harren yn 'e tún, mar sette gau wer ôf, doe't er stutsen waard: de earste bijekast wie befolke!

Wannear en wêrom binne jim mei bijen begûn?

Willie: 'By Haalbouw, de houthannel, dêr't ik doe wurke, helle in klant ris hout op foar it meitsjen fan bijekasten en dêroer rekken we oan 'e praat.

Sels woe ik ek wol bisten ha, mar Greet woe gjin bisten yn 'e hûs, gjin hûnen en katten dus. Bijen wiene prima. Greet har pake en omke wiene ek bijehâlders; Greet wie der mei opgroeid. No like it ús wol moai, om ek bijen te hâlden. Sadwaande bin ik op kursus gien nei de Lânbouskoalle yn Snits en krige myn earste bijefolkje.'

Hoefolle folken hawwe jim no?

'Ferline jier tsien en dizze maitiid ha we sân folken. Yn 'e simmer ha we faak it dûbele. En soms skilje minsken ús as der earne in swarm by harren yn in beam hinget.



Ferline jier wie dat trije kear. Sels misten we gjin bijen, dat doe wiene der samar wer trije folken ekstra. Al dy folken stean fansels net allegear yn Reduzum; dêrfoar is der noait genôch iten en dan soene we ek de wylde bijen tefolle bekonkurrearje.'

Hoe ûntdekke jim nije plakken foar de bijefolken?

'As we te fytsen binne, sjogge we wat der groeit en geskikt is foar de bijen en freegje wy tastimming fan de eigener fan de grûn om bijekasten del te setten. Soms freegje minsken ús ek sels, lykas boeren dy't koalsied ferbouwe. Bijen by harren koalsied kinne soargje foar 20% mear sied opbringst.'

Hoefolle bijen wenje der yn ien kast?

Nei it ynwinterjen sakket it oantal bijen hiel hurd nei sa'n 5000/6000 tûzen. Yn febrewaris begjint de keninginne wer aaien te lizzen en wurdt it folk stadichoan grutter oant samar 60.000 ynwenners per kast.



Dat is faak it momint dat in folk har wer opdiele wol, swarmje wol. De keninginne naait dan út mei in diel fan har folk. De achterbliuwers ha dan al soarge dat der in nije keninginne opgroeit troch in aai in gruttere sel te jaan en de maits, dy't út dat aai groeit, better iten te jaan, astronaufoer sis mar. Wy neame dit 'keninginnesjelei'. Sa is dus ien bijefolk twa folken wurden.'

Huningbijen en wylde bijen, hoe sit dat?

'Yn Nederlân libje sawat 300 soarten bijen. Allinnich de huningbij oerwinteret as folk. By wylde bijen is dat net sa. Dy wurde berne yn 'e maitiid út in aaike dat de mem it jier derfoar lein hat yn in gatsje yn 'e muorre, in plantestâl, of sa as by de measte wylde bijesoarten, yn in gatsje yn 'e grûn. Mem hat by dat aaike wat stomoal en huning stoppe as iten. En krekt as bygelyks de ferjit-my-netten (vergeet-me-nietjes) bloeie, krûpt út sa'n gatsje yn 'e grûn in nije wylde bij. Binne de vergeet-me-nietjes útbloeid, dan hat dizze wylde bijesoart alwer opnij aaike yn 'e grûn lein mei wat iten der by, mar is harren eigen libben foarby. Alder as in pear wiken wurde wylde bijen faak net. Troch it jier hinne sjogge je dan hieltyd nije wylde bijesoarten ferskinen dy't wer bûn binne oan blommen dy't dan bloeie. Dêrom is it sa wichtich dat je in protte blommen yn 'e tún ha en foaral net tefolle wrotte yn 'e tún!'

Ha jim ek kontakten mei oare ymkers?

'Wy binne lid fan in ymkerferiening. Mei in groepke ha we ek in parse om fan de waaks dy't troch it jier hinne oerbliuwt wer nije waaksplaten te persen, dy't werom jûn wurde oan de bijen en wêrop't se de sellen bouwe om bygelyks nije huning yn te stopjen. Dat parsen fan de waaks dogge we measten-tiids tusken krysttiid en âld-en-nij as de bijen yn harren kast bliuwe en dêr as tros ticht tsjininoar oankrûpt, mei de keninginne yn it midden, stadich troch de kast reizgje by harren winteriten del. Dan litte we de bijen mei rêst, mar wurdt der troch de ymkers hiel wat ôfpraat!'

Binne der ek restprodukten, dy't wer te brûken binne?

'Deade bijen oer de tún jouwe mineralen; de waaks wurdt wer brûkt foar de raten; pôlen en stomoalkerrels befetsje mineralen en binne aaiwythâldend. Sa moatte je as bijehâlder altyd alert wêze en kostet it in protte tiid, om alles by te hâlden. Foar de fakânsje moatte je sa 'buorkje', dat je de bijen trije wiken gewurde litte kinne.'



Willie makket de kasten, mei de ynhâld, de 'raamkes', sels. Yn elke kast sitte tsien grutte en tsien lytse raamkes. De grutte ramen ûnderyn de kast binne foar nije aaikes en lytse bijen, de lytse raamkes boppeyn de kast foar de huning; dit is dan ek de huningsouder.

Ta beslút: hoefolle potten huning ha jim yn it jier?

'Dat is hiel ferskillend. It iene jier in soad en it oare jier hast neat. Wat we oer ha (sels meie we it ek graach), is te keap by Ale en Marjan yn 'e winkel. Huning rispje is aardich, mar noch moaier is it sjen nei it libben fan de huningbij en, troch harren, nei al dy oare bijen, hommels, wespen, blommen, beammen en alles dat libbet en bloeit!'

Jantsje Kalsbeek

Gedicht fan de moanne

KENINGSDEI

In idylle

Muzyk op it lân.
Flaggen en beweech fan bern
en grutten letter.

It grutte spul
mei it lytse baltsje.

KEATSE.
Ledekeatsen.
Doarpskeatsen.

Machtich moai!

Priis of preemje!

DE KRÂNSE!

Hy fielt him de kening.

En jûns op it bankje by de jeu-de-boule-baan

Sy; do bist de kening fan myn hert.
Hy; fielt him de kening te ryk.

Ut.

Maaie 2023

P



Windoliemolen

De windoliemolen Windlust van Reduzum

Op de zolder van school staat een replica van windoliemolen Windlust. In 1952 is de windoliemolen "Windlust" nagemaakt door Jelle Postma (79 jaar oud) uit Leeuwarden. In 1956 schonk hij de molen aan de nieuwe "Trije Doarpenskoalle".

In 1968 heeft M.E. van der Meer de molen gerestaureerd. Postma heeft waarschijnlijk een foto of tekening als voorbeeld gebruikt, want de molen werd al in 1914 afgebroken.



Ten oosten van Reduzum aan het Swin ligt buurtschap De Molen

Links op deze foto bij de hooiberg stond vroeger de windoliemolen "Windlust".

De school wil deze replica graag beschikbaar stellen aan mensen, die hier belangstelling voor hebben. In het kader van de rommelmarkt, die door de korfbalvereniging en de school op zaterdag 24 juni wordt georganiseerd, kan hiervoor een bedrag gedoneerd worden.

Indien u belangstelling heeft voor deze replica kunt u hierover contact opnemen met Eelke Hoekstra (interim directeur OBS Trije Doarpen Skoalle) telefoon 056-6602100 of via de mail **ehoekstra@proloog.nl**.





SjdB

GEVEL- EN
DAKBEPLATING
PIR ISOLATIE



- | | |
|---------------------------------------|-------------------------|
| ✓ Geisoleerde dak en gevel beplating | ✓ Bevestigingsmateriaal |
| ✓ Ongeisoleerde dak en gevelbeplating | ✓ Zetwerk |
| ✓ Isolatie voor dak, wand & vloer | ✓ Dakgoten |

Wrafke: Mei de noas yn 'e djerre

Potferjaneinepyk! Betiden soenen jo dy kwispel fan my d'r wol ôf fykje wolle! Dat kring ferriedt my altiten wer. Foaral yn 'e ûnderwâl, wer't ik op 't heden sa graach omsneupe mei. Dan stekt dy plom boppe alles út, al hielendal at ik drok yn aksje bin...

It is alwer in hiel hoart lyn dat ik wat fan mysels rûnblaft haw, mar hjir bin ik ek wer ris: Afke fan it Fryske Wetterlân. Net dat d'r neat bard is de ôfrûne tiid. Och heden noch ta, ik belibje genôch! Ik train meastentiids wol twa kear yn 'e wike mei Frou. Allinne mei dummy's, hear; haw mar gjin noed. Somtiden mei ik by in hûnekriich wol wyld sykje. Dan stean ik wier folslein op skerp! Koartlyn noch in priiske pakt; Frou in byldtsje en ik in woarst. Wat wie se wer grutsk op har lytse mokkeltsje... En fansels gean ik eltse dei mei Baas en Frou in ein te rinnen. Moarns faak by it Swettewetter lâns. Machtich moai! Frâl no yn 'e maaitiid. Sa't ik earder wol trochblaft haw, ik bin en bliuw in apporteur. Bring alles by de Frou. Myn speurnoas wurket poerbêst, alhiel at ik eat foar 't snotsje haw.

Afke krijt hast nea op har faalje, útsein yn 'e maaitiid dan. Wat is it gefal? Ik rûk ûnder de wyn op it wyld fan fierren. Benammen hazzen, mar ik mei net mear efter dy hurddravers oanfleane fan Frou. Hat se my sa goed as ôflear. No ja, at sa'n haske dan sa dom is om him yn 'e reiden te ferbergjen, kin 'k it net litte en snip 'm. En dan nimme myn baaskes kreas dat bist fan my oan omt se tinke dat ik tenei neat mear by harren bringe sil. Fansels bin 'k wol wizer, hawar ik lit har mar lekker yn dy waan. It is mei in do fan Baas ek al ris bard. Dy seach my te let en doe koe 'k 'm sa snippe en by Baas yn 'e hân bringe. Hielendal net skeind, hear, Baas liet 'm sa wer fuortfleane...

Mar goed, om in lang petear koart te blaffen, ik haw myn omtinken ferlein nei mûzen en einen. Net dy domme einen sels, sy fleane omme altyd de loft yn. Ik haw mear niget oan harren nusten fansels. Earder brocht ik Frou ien foar ien de aaien wol út in nêst en dan lei sy se wer kreas werom.


Mar doe't my ris in aai, sûnder opsetsin, út de bek knoffele is, fûn ik út hok lekker snobguod dat is. Rikel, wat smakke dat merakels! Dat ja, no kin 'k it net litte en kreakje 'k dy kringen en smikkelje se mei smeits op. Mar dat fine dy baaskes fan my dan wer net goed. En dat begryp ik net! Nim my net kwea-ôf. At ik nei in wedstriid gean, krij 'k fan Frou in hurdsean aai om't ik dêr neffens har mear kriich fan krij. No, wat in wurk. Se siedt dat spesjaal foar my wol fiif minuten lang, wylst se sa rau folle better smeitsje. Hearlik dochs, dy djerre sa lekker smotsich oer dyn lape slingerje en opslurpe! Mar goed, dy kwispel fan my ferklaapt at ik sa'n lekkernij stean op te skrânzjen. En dan krij ik in klets mei it hûnetou fan Frou dwers oer myn bealchje. Of slimmer noch, somtiden skuort Baas my gewoan oan myn kwispel út de wâl. Dan draait er myn gisel suver fan syn woartel, wylst my de djerre noch út 'e bek dript.

Moast dy begripe! Fyn dat wol ferrekte sneu, hear. Sels it poatsjebaaen nei in poepenêst wurdt my ferbean. My tinkt, dy swartmigels binne d'r dochs by de fleet?

En dan begryp ik Baas net. Dy hellet sels hast eltse dei aaike by syn down út it hok. Dat doocht blykber wol? Hy seit dat er net noch mear fan dy skiters hoecht. En at er dan in aai knoffelje lit, ropt er my en fal ik mei myn noas yn 'e djerre om it op te lebberjen.

Lykwols brekt my it tûmneiltsje!

Snapsto it noch?



WWW.KLEISTUDIO.NL



REDUZUM
MARGRIET KRIJGSHELD



Haedstrjitte 13
9008SM REDUZUM
06 53309122

* HANDGEMAAKT KERAMIEK * SERVIES *
* MOKKEN * UNIEKE CADEAUS * KOPJES *
* STEENGOED * KOMMEN * VAZEN * POTTEN *



Ze serveren zelfs thuis!

Zeven dagen per week een driegangen diner naar keuze. Lekker uit eten in ons restaurant of thuisbezorgd door onze maaltijdservice. Service van Leppenheim, voor iedereen.

gewoon jezelf blijven



Leppenheim...
mienskipssintrum

Leppedyk 37, 8491 GJ Akkrum
T (0566) 654 654
I www.leppenheim.nl

Bernedeiferbliuw Bernewrâld




Haedstrjitte 29, Reduzum
info@bernewrâld.nl
www.bernewrâld.nl
06-10099030/0566-602434



Repair Center Friesland

Piet Posthumus

Reparatie van:

- ✓ Telefoon & Fax
- ✓ Audio & Video
- ✓ GSM & DECT

Haven 21
9008 SX Reduzum
Tel: 0566 602158
Fax: 0566 602195
Gsm: 0651 749649

ITBO 

UW IT SPECIALIST **ITBO.NL**

CONTACT
info@itbo.nl
06-37383735

WEBSITE
www.itbo.nl



Jelte Bokma

Dodenherdenking

Dodenherdenking 2023

De jaarlijkse dodenherdenking bij de kerk werd dit jaar minder goed bezocht dan voorgaand jaar. Er waren zo'n 50 medeherdenkers.

Na de twee minuten stilte hield Henk Korf een mooie toespraak die hieronder is afgedrukt:



It is febrewaris 1945.

It suden fan Nederlân, rûchwei it part ûnder de grutte rivieren is troch de Alliearden befrijd fan de oerhearsking troch de Dútse besetter.

De Slach om Arnhem brocht net it nedige súkses, de Hongerwinter, benammen yn de grutte stêden wie it gefolch, mar it soarge der ek foar dat de besetter him aardich yn it nau drukt fiede yn de rest fan Nederlân.

En it sprekurd seit dat in kat yn it nau rare sprongen makket.

Represailles, oerdiedich geweld en eksekúsjes wiene yn it lêst fan de oarloch oan de oarder fan de dei.

Ek hjir yn ús omkriten, wêr't master Tinkelenberg fan Sibrandabuorren rayonhaad fan it ferset wie. Mei de kommandant fan Idaarderadeel, Douwe Sikke Bangma, dy't wenne yn de Haadstrjitte tsjinoer de berne-opfang fan Myja, hie der goed ôfpraat hiel foarsichtich te wêzen. De minsken dy't it nijs fan Radio Oranje trochjûgen, fersetkrantsjes drukten, ûnderdûkers oan iten en drinken holpen middels stellen bonkaarten, falske persoansbewizen besorgen, se wiene der by de rûs, ús eigen Binnenlandse Strijdkrachten. Bygelyks Molle Spijckstra, Douwe Zylstra, Jan Wijnstra, Hindrik Smit, Rinke de Vries, Rinse van der Haak, Romke van der Wal, de koeriersters Doetie Stienstra en Jeltsje Kuipers, allegear moasten se tige foarsichtich wêze en tusken noas en lippen troch harren fersetswurk dwaan en mar hoopje dat de ferrieder him sa lang mooglik stil hâldt.

Grutte oantallen minsken kamen geandefoet de Ofslútdyk del om iten te heljen foar harren dy't dat net dwaan koene. Op Tsjenzerbuorren en yn Friens sieten al sûnt it bombardemint op Rotterdam yn de earste dagen fan de oarloch Joadske bern mei in falsk persoansbewiis yn 'e hûs. Ingelske piloaten hiene by Aldeboarn konteners mei wapens, iten en medisinen delgoaid en dy droppings moasten fansels sa gau mooglik ferstoppe wurde.

In part dêrfan kaam ûnder in strontbult by in buorkerij yn Wergea: ek dêr wie ús fersetgroep by belutsen. Mar de Fryske ferrieder sliepte net, mei in marteling of buorkerijbrân as gefolch. En de eangst dat by sa'n marteling nammen neamd wurde soene, wie grut fansels. Mar dy eangst siet ek by de ferrieder: ek dy seach wol yn dat de Dútse besetter oan de ferliezende hân wie. En dan waard de posysje fan dizze NSB-er ek faai, dy begûn ek makliker nammen te neamen.

En krekt dêrom gie it mis.

Tinkelenberg wie ien fan de fiif minsken dy't by Doanjum troch in fjoerpeloton om it libben

brocht waarden, Douwe Sikke Bangma waard oppakt, kaam yn Ljouwert yn de Blokhúspoarte terjochte en seis wike foar de befrijing fan Fryslân waard hy op transport steld nei it konsintraasjekamp Neuengamme by Hamburg. Fermeagere, ferswakke en troch lichaamlike



Nederlandse Binnenlandse Strijdkrachten ôfd. Reduzum
Foaroan: Douwe Zijlstra, Rinke de Vries, Gabe Bangma, Jeltsje Kuipers, Doetie Stienstra en Teatske Kooistra. Johannes v.d. Wal, Molly Spyckstra, Jan Wijnstra, Romke v.d. Wal, Sjoerd Harsta, Hendrik Smit, Kobus Reitsma, Atze Bangma, Ynte Strikwerda, Jouke Gercama, Rinse v.d. Haak

Dodenherdenking

pinigingen rekke' er yn it sikehús. Dêr koe men sokke minsken lykwols ek net brûke en waard hy mei in skip fol lotgenoaten nei Sweden brocht. Dysentery en hongeroedeem makken dat hy ien dei nei oankommen dêr, op 2 maaie yn Trelleborg ferstoarn is.

We betinke hjoed net allinne de hûnderttûzenen soldaten dy't fallen binne op de slachfjilden rûnom op 'e wrâld, net allinne de miljoenen minsken dy't ombrocht binne yn de gaskeamers fan de konsintraasjekampen, net allinne de krekt like ûnskuldige slachtoffers fan de bombardeminten en de minsken dy't de hongerwinter net oerlibbe hawwe.

We binne hjoed ek twa minuten stil foar de fersetsstriders, dy't de nekke útstutsen hawwe om help te bieden oan de meiminske mar dy't troch ferrie út ús eigen mienskip de befrijing net meimakke hawwe. Douwe Sikke Bangma wie ien fan dy slachtoffers.

Henk, 04-05-2023.

Zonnepanelen

ENERGIEWEERBERICHT OP WEERPLAZA EN WEERONLINE

Sinds 1 mei 2023 zijn op Weerplaza en Weeronline twee keer per week energieweerberichten te zien. Heel mooi dat de energieweerberichten nu nog veel meer mensen zullen bereiken. Want hoe meer mensen in hun energieverbruik meebewegen met het weer, hoe minder vaak de gascentrale aan hoeft', aldus Olof van der Gaag.

Het energieweerbericht is ontwikkeld om mensen te laten zien dat de groene stroom opbrengsten schommelen met het weer en onze afhankelijkheid van duurzame energie. Zeker omdat de energieproductie de komende decennia meer en meer afhankelijk zal zijn van wind en zon. Het is belangrijk dat we zuinig omgaan met de beschikbare energie en groene stroom gebruiken op momenten dat deze er volop is. Bovendien heeft slim energieverbruik een positieve impact op de belasting van het elektriciteitsnet.


Nieuw regionaal element

De energieweerberichten zijn twee keer per week te zien, op maandag op Weerplaza en donderdag op Weeronline. Er wordt uitgelegd hoe opbrengsten zijn opgebouwd en wat regionale verschillen zijn. Daarnaast krijgen kijkers tips om energie te besparen en duurzame energie op de juiste momenten te gebruiken. (Bron zonneplan)

Verwacht percentage wind- en zonnestroom in week 18

Aandeel wind en zon in elektriciteitsmix

140%



Bartle

Dy tiid hat west

Yn dizze nije rubryk fertelle minsken ferhalen oer it libben yn it doarp. Dat kin oer de tiid fan harren jeugd wêze, mar dat hoecht net. De measte ferhalen komme út it doarpsargyf, ynstjoerd yn de perioade doe't we dwaande wiene mei de opset fan it doarpsboek, it FerLinepraat. Fierder binne der skriuwersgroepen hiel aktyf west, fan guon minsken meie teksten brûkt wurde foar dizze side. Tink ik werom oan âlde tiden, rûk ik it gers yn de dize fan de jûn.....
(reagearje kin...Henk 601759)

Dit kear in ferhaal fan Jan T. Velstra

Herinneringen aan de oorlog op Trije Romers

10 mei 1940. Duitsland heeft de oorlog verklaard aan Nederland. We merkten er weinig van en gingen gewoon naar school. Het is vrijdag, de wind komt uit het noorden en de zon schijnt. We wonen in Roordahuizum op Trije Romers en hebben daar een garagebedrijf.

Op 11 mei in de nacht stopt er een vrachtwagen met veel lawaai voor de benzinepomp. We dachten 'daar zijn de Duitsers al' maar het viel nog mee. Het was een vrachtrijder uit Oosterwolde die nog kaas en boter naar de Frico in Leeuwarden had gebracht en benzine nodig had. Hij vertelde wel dat ze Appelscha konden zien liggen in de gloed van de lichtkogels van de Duitsers.

Ondertussen was het 12 mei geworden en 's morgens om 11 uur kwam de Nederlandse kapitein K.Kriegsman bij ons op Trije Romers ons vertellen dat zijn soldaten onderweg waren vanaf de Duitse grens over Veendam, Roden en Wartena naar Roordahuizum. Hij had bussen gevorderd in Veendam bij busbedrijf Van der Ploeg (Far Away). De soldaten hadden maar vier uur gerust die nacht en kregen nu te eten te drinken in de zuivelfabriek van Roordahuizum. De kapitein was bij ons op Drie Romers en vroeg ons hoe het er voor stond. 'Niet zo best' antwoordden we. De Duitsers zijn al in Leeuwarden en ook al in Akkrum.

Dan ga ik nu in stelling, antwoordde hij. De bussen met soldaten en ook een vrachtwagen waren nu op de Trije Romers. Nadat alle grote auto's leeg verder waren getrokken gingen de soldaten naar de Sneekerhoek waar ze zowel naar het noorden als naar zuiden in stelling zijn gegaan. Er is daarna contact geweest met de Duitsers in Akkrum. Er is daarbij hevig geschoten en er was een aanrijding tussen een stilstaande bus en een pantservoertuig. Maar de Duitsers trokken zich terug. Zo kon Kriegsman met zijn troepen naar omstandigheden rustig vertrekken naar Sneek. Bij de schermutselingen was één Nederlandse soldaat gesneuveld.

Vanuit Sneek kwamen echter twee agenten met het bericht van de burgemeester dat de Duitsers onderhand ook al in Sneek waren. Daarop besloot de kapitein om binnendoor naar de Wonsstelling bij de Afsluitdijk te gaan. Ze zijn daar goed aangekomen.

Kriegsman is in het begin van de oorlog hier nog weer geweest om het graf van de gesneuvelde soldaat te bezoeken. Deze lag op het nieuwe kerkhof te Roordahuizum. In de oorlog ging Kriegsman in het verzet, wat hij met de dood heeft moeten bekopen. Hij is gefusilleerd.

De gesneuvelde soldaat was Willem de Rooy, onderdeel 11-11-36RI, geboren 1 november 1904 te Hillegom, begraven in Roordahuizum, herbegraven op 7 juni 1984 op de erebegraafplaats van de Grebbeberg bij Rhenen.



Klaas Hijkema
T 06 484 804 49

Ayttawei 24
9008 SL Reduzum
k.hijkema@outlook.com



LANGEBERG
SCHOONMAAKORGANISATIE
www.langeberg.nl



Van der Meulen
Installatietechniek

Reduzum

Martijn van der Meulen

+31 6 131 658 68

www.vandermeuleninstallatie.nl

info@vandermeuleninstallatie.nl

Noa op Stage

Ik ben Noa ten Kley en ik ben 18 jaar oud en woon in Friens. Ik doe de opleiding paardensport-houderij op Aeres MBO Leeuwarden. Een keer per jaar moet ik voor mijn opleiding 10 weken op stage. Dan is het de bedoeling dat ik 40 uur per week werk, om de hele ervaring mee te krijgen. Ik zit nu in het tweede jaar en dit jaar kreeg elke student de mogelijkheid om naar het buitenland op stage te gaan. Ik heb daarvoor gekozen en heb stage gelopen in Duitsland op Victory Stables. Hier, in het kort, deel ik mijn ervaring over deze stage.

Op 5 februari vertrok ik samen met mijn vader en zusje naar Duitsland, waar ik stage zou gaan lopen. Ik voelde verschillende emoties. Ik was heel erg zenuwachtig. Ik wist niet wat er zou komen en hoe die periode er uit zou gaan zien. Ik was heel erg blij want ik had er zin in. En ik was heel verdrietig want straks zouden mijn vader en zusje zonder mij, weer naar huis rijden.

Eenmaal aangekomen hebben we al mijn spullen uitgeladen en zijn daarna lekker met zijn drieën uiteten geweest. Maar aan het eind van de avond was het toch tijd om afscheid van elkaar te nemen, wat ik erg lastig vond. Gelukkig wist mijn stagebegeleider mij af te leiden door mij een taak te geven.

De eerste dag stond ik vol zenuwen voor de ingang van de stal. Alles was nieuw en onbekend. Gedurende de dag werd mij verteld hoe het personeel de activiteiten uitvoerden en waarom. Ik had natuurlijk al wat kennis op dit gebied, maar het is toch fijn om te weten hoe ze het hier doen.

De weken daarna vlogen voorbij. Ik had mijn plek gevonden en kon elke taak zonder problemen uitvoeren. Ik kon goed overweg met al het personeel wat er rond liep. In de vierde week, gingen wij met een heel team met 19 paarden op internationaal concours. Dit vond ik heel spannend, omdat ik het nog nooit had gedaan. Gelukkig ging alles goed en had ik daarna lekker een weekje vakantie.

In de weken daarna ging alles zijn gang. Ik was helemaal gewend aan de werkroutine. Ook was ik al gewend aan het alleen wonen.

Aan het eind van mijn stage zijn wij nog een keer met een team op concours geweest. Dit was voor 10 dagen met 23 paarden. Een groot aantal dus. Dit was een hele gave ervaring en ik heb veel geleerd.

Na het concours naderde het einde van mijn stage want ik had nog 1 week te gaan. Ik werd de zondag opgehaald, dus begon zaterdag met inpakken. Ik heb afscheid genomen van iedereen en ben de volgende dag opgehaald en naar huis gegaan.

Dit was een tijd die ik nooit zal vergeten. Ik heb enorm veel geleerd over paarden en mijzelf. Ik ben blij dat ik ben doorgegaan, ook al vond ik het lastig. En ik ben enorm trots op mijzelf!





Overijsselsestraatweg 6a
9008 TS Reduzum

T 0566-601165 F 0566-601747
info@transportbedrijfbakker.nl

Levering van:

- **Straatzand • Speelzand • Manegezand • Split**
- **Drainagezand • Tuingrond • Compost • Grind**

In elke gewenste hoeveelheid, los gestort of in big-bags

Verhuur van:

- **Achterover kippers • Auto met dieplader**
- **Kippers met laadkraan • Shovel**

www.transportbedrijfbakker.nl

WWW.GINBIJK.NL
Fricoweg 37
9005 PC Wergea
058 255 30 36
wergea@ginbijk.nl

compjoeterservice
GINBIJK.nl

- Systeembeheer
- Netwerkbeheer
- Hardware - Software
- Advies - Verkoop
- Service
- Webdesign

De beamsjiruch

1976-2022 46 jier beamfersoarging

Doe't Sietie fan De Linepraat my frege om in ferhaal te skriuwen oer myn wurk as 'beamsjiruch' of beamfersoarger wie dat foar my in moai momint om werom te sjen op al dy jierren dy't ik yn de beammen warber west ha.

Achter in bakje kofje gongen myn tinzen werom nei 1977 doe't ik mei in grutte ljedderwein út 1955, in âlde Ford, nei Seelân ried om yn Haamstede en Renesse beammen te snoeien. Ik wurke by yngenieursburo Oranjewâld, in bedriuw dat yn it hiele lân wurk die. De beamsjirurgy wie in nij fak en ek wol wat eksklusyf. It wienen foaral rike gemeenten, ynstellingen en partikulieren dêr't we it beammewurk foar fersoargen. Neist it snoeien bestie it wurk ek út it oanbringen fan swiere ferankerungen fan swiere gesteltakken, it útfrezen fan wûnen en it ferplantsjen fan grutte beammen.

It klimmen yn de beammen mei klimútrissing stie noch yn 'e berneskuon en mei de ljedderwein lei de produktiviteit gâns heger. Mei de ljedderauto ried ik kriskras troch Nederlân, mei myn kollega's ha ik in protte moaie opdrachten útfierd op bysûndere lokaasjes en in soad hotels fan binnen besjoen.

Nei hast tsien jier by Oranjewâld fûn ik de woartels en doppers yn de hotels wol genôch, ik woe it wurk tichteby hûs ha. Els en ik wiene yn 1982 yn Friens delstrutsen en ik seach ús pleats tusken oktober en april allinnich mar by deiljocht yn it wykein. Yn 1986 bin ik myn eigen bedriuw begûn. Ek it beamfersoargjende wurk feroare, fan minder eksklusyf nei it tagonklik wurden foar in breder publyk. It fuortsnijen fan rotte plakken yn in beam waard taboe. Troch de Amerikaanske professor Shigo waard der mear bekend oer de anatomy fan it libjende hout en de prosessen fan ynrotsjen. Koartsein kaam it der op del dat as jo in beam goed snoeie der mar in lytse kâns is op it ynrotsjen fan de snoeiwûnen. Ek hat de beam sels in ôfskoatelmeganisme om it ynrotsjen yn te kapseljen. De term beamsjiruch, wat tinken docht oan snijwurk en hege tariven, waard feroare yn beamfersoarger.

It wurk wie foaral by gemeenten, Staatsbos-beheer en grutte ynstellingen. It waard folle massaler, yn in protte beammen wie noch noait snoeid. Ein jierren '80 kaam der mear oandacht foar it ûndergrûnske diel fan de beam, sa as groeiplak en omstannichheden yn de woartelsône. Foaral yn in stedske omjouwing is de kwaliteit fan it groeiplak fan belang. Der kamen nije produkten op 'e merk, sa as beammegrûn, beammesân, dongstoffen en skimmels dy't de fieding en opname ferbetteren.

Sa as yn de hiele maatskippij waard de feiligens yn 'e beamfersoarging in wichtich tema. Net allinnich om feilich yn de beammen te wurkjen, mar ek dat de beam sels feilich is. Yn Nederlân hat elk in soarchplicht foar syn eigendommen. Dat betsjut dat as der skea is troch in omfallende beam de eigener oanspraaklik steld wurde kin foar skea as it ferwyterber gedrach is. Op it gebiet fan beamfeiligens hat in Dútske profossor, Claus Mattek, in protte ûndersyk ferrjochte. Hy hat modellen ûntwikkele dêr't de feiligheidskritearia berekene wurde. Ek beskreau hy de 'lichemstaal' fan beammen. Net sa as prinses Irene dy't knuffele mei beammen, mar hoe't ynwindige gebrekken fan beammen útwindige sinjalen jouwe. As in beam ynwindich ferswakke is dan makket de beam útwindich kompensaasje-weefsel oan.

It waard de tiid fan beamfeilichheidskontrôles dêr't rapporten fan makke waarden. Neist dy kontrôles waarden by bouwurksumheden ek Beam Effect Analyses makke, koartsein wat hat it bouwen foar ynfloed op de beam. Ek gemeenten fregen regelmjittich om advys foar it oanfreegjen fan in kapfergunning en as beammen ylleaal skeind waarden of kapt waarden, waard ik as beamtaksateur ynskeakele om de finansjele skea fêst te stellen. Yn it wurk fan beamfersoarger kom je dan telâne yn de wrâld fan juristen en fersekerings-eksperts. Ik fûn dit in ynteressante ferbreiding fan ús fak. Faaks binne beammen yn sokke situaasjes wat ûnderwurdearre. Net altyd is beamsoarch yn oerienstimming mei natuer en klimaatdoelen. Faak wurd ik frege om moaie beammen te roaien of te snoeien foar sinnepanelen of dat in holle beam, dy't ûnfeilich is, net roaid wurde kin omdat der flearmûzen yn wenje. Dizze dilemma's kom je altyd tsjin.

Yn fûgelflecht ha ik omskreaun wat ik yn rom 40 jier yn 'e beammen dien ha. It wie fysyk wolris swier, mar ik ha it mei plezier dien en bin bliid hoe't ik ynfolling jûn ha oan it fak beamfersoarger. In fak dat noch hieltyd yn ûntwikkeling is.

Maurits Zeinstra





Massagepraktijk Shanika

 Meerkoetweg 50 8446 JZ Heerenveen

 06-53194824

 info@massagepraktijkshanika.nl

 www.massagepraktijkshanika.nl

[Facebook.com/Massagepraktijk.Shanika](https://www.facebook.com/Massagepraktijk.Shanika)

Voetreflex: drukpuntmassage om orgaanklachten te behandelen.

Vriendinnen uitje: massagebehandeling met high tea, high wine of diner bij 't Gerecht.

Tapparfum: parfum tegen een eerlijke prijs.

Pinnen is mogelijk



Boonstra RioolService

Wij lossen elke verstopping op en meer :

- * Cameraonderzoek
- * Stankonderzoek
- * Herstelwerkzaamheden
- * Alle bijkomende werkzaamheden

*Afvoer problemen ?
Bel Boonstra !!*

06 22 49 88 24

www.Boonstra-RioolService.nl

Douwemastrjitte 7 9011VN Jirnsum / Haedstrjitte 12 9008SP Reduzum

Uw woning laten schilderen ?



VAN DER HEIDE Schilders Wirdum

Schilderwerk Beglazingen en Wandafwerking

Johannes van der Heide 06 - 21 89 54 88

It stikje fan Koos

Fêst yn Valencia

Ynienen stie ik foar in grut stek en dat stek koe net mear iepen. In ketting mei in grut hingslot kearde sa myn weromreis út it Mestalla-stadion yn Valencia. We skriuwe it seizoen 2000/2001, om krekt te wêzen tiisdei 7 novimber 2000. Yn de earedifyzje wie SC Hearrenfean in seizoen earder as twadde einige. PSV wie mei 84 punten de grutske kampioen, de Feansters hiene 68 punten. Feyenoord waard doe tredde (64 punten), Vitesse fjirde (63) en Ajax mar fiifde (61).

Troch dit prachtige resultaat koe Foppe de Haan mei syn ploech op it alderheechste fuotbalpoadium, de Champions League, útkomme. De lotting hie útwiisd dat yn groep C Valencia, Olympiakos Piraeus en Olympique Lyon de tsjinstanners wêze soenen.

De wedstriid yn Valencia wie de lêste fan de groep en it wie al dúdlik dat it Europeeske aventoer fan Hearrenfean der dêrnei opsiet. Dêrom stjoerde Omrop Fryslân (besunigje) mar ien ferslachjouwer en dat wie ik. De oare fiif wedstriden ha ik lokkich ek dien, mar dan mei in gruttere besetting (twa ferslachjouwers en in kameraman).

De wedstriid yn Spanje einige yn 1-1. In moaie útslach tsjin de winner fan groep C. Ronny Venema wie yn de 37^{ste} minút de doelpuntemakker. Nei ôfrin fan de hiele hege steile tribune nei de mixed sône (it plak om mei spilers en trainer te praten). Doe't dat klear wie, wie it al let en it stadion leech. Wer omheech om yn de nok te kommen en dan it trochspyljen, dizze kear nei Hilversum. Yn ús studio yn Ljouwert wie it al nacht.

En doe gong it mis. Myn apparaat koe gjin ferbining krije mei de NOS-studio. Lokkich rûnen we doe al mei in (grutte) mobile telefoan om. De technikus yn Hilversum en ik ha geweldich oan it pielen west mei de ynstellingen en doe wie der ynienen kontakt. It trochspyljen fan de petearkes wie doe mar in lyts keunstke. De NOS sette it wol oer nei Ljouwert.

Mei it ljocht fan in pear lampen besocht ik it stadion út te kommen. Doe wie der ynienen dat stek en gjin minske mear te bekenen. Wat no? Ik ha foar de aardichheid earst Minke wekker belle en dêrnei goed om my hinne sjoen. De oare kant fan it brede rûn-paad mar út. Under in doar seach ik in strypke ljocht. Soe der achter dy doar noch immen wêze? De doar woe iepen en ik seach in stik as seis stewards dy't noflik in ôfsakkerke (wyntsje) namen. De manlju seagen frjemd op, mar op myn fraach yn it Ingelsk oft se my helpe koene, kaam ridlik

gau antwurd. Se woene earst witte wêr't ik wei kaam. Doe't ik myn 'tribuneferhaal' dien hie, wie it samar klear. De Valenciaan, mei it bêste Ingelsk, naam my mei op in kuiertocht nei de útgong. Foar it stadion regele hy foar my in taksy. Ik liet it kaartsje fan it hotel sjen en in kertier letter wie ik op myn keamer. It wie al nei twaen.

Dêr ha ik alles klearmakke foar de weromreis en doe nei de hotelbar. Ik hie sels ek wol in ôfsakkerke fertsjinne. Myn poerbêste kollega Evert de Jong fan de Ljouwerter Krante wie klear mei syn ferhalen. Hy hie ek toarst en sa ha we noflik neisitten.

Fansels ha ik noch in pear oeren sliept. Ik wie wol bliid dat dyselde Evert my moarns betiid wekker belle, oars hie ik grif te let west foar de bus nei it fleanfjild. Sa einige myn reis nei de sinesapelstêd fan Spanje. Oer de wedstriden tsjin Olympiakos Piraeus en Olympique Lyon is ek genôch te fertellen. Faaks in oare kear.

Foar de leafhawwer of Hearrenfean-supporter: yn de ploech fan trainer Foppe de Haan stie Hans Vonk op 'e goal. Gérard de Nooijer, Arjan Ebbinge, oanfierder Johan Hansma en Ronny Venema wiene de achterste fjouwer. Op it middenfjild stiene Daniel Jensen, Sander van Gessel en Jeffrey Talan. Anthony Lurling, Harris Huizingh en Mika Nurmela spilen foaryn. Thomas Holm en Harvey Wijngaarde kamen yn de twadde helte foar Jensen en Talan. Arjan Ebbinge krige nei in oere spyljen syn twadde giele kaart en koe nei de kant. It wie in moai ploechje!

Koos Wieling

Sudoku

					9	7		2
8						3		
	7	2			8		1	
		9		2	1		3	
		8		5	7			
		1	9					
						6		
	1	7			6			4
6	2					9		

De oplossing staat verderop in deze Linepraat.

Kort Nieuws

Glasvezelaanleg Delta gestart.

De werkzaamheden voor het aanleggen van glasvezel in Reduzum zijn gestart. Er vinden diverse boringen door om bijvoorbeeld de



glasvezelkabel onder het Swin door te krijgen. Op andere plaatsen is aannemersbedrijf Allinq begonnen met het graven en aansluiten van de huizen.

Offisjele iepening doarpsmûne

Tidens de offisjele iepening fan ús nije doarpsmûne waard ek de namme bekend makke. Ynwenners en de learlingen fan de Trije Doarpen skoalle ha oer in namme neitocht. Mar wêr moat in goeie namme eins oan foldwaan? Unykheid, relevânsje, ienfâld, memorabiliteit, beskikberens en fleksibelens. De namme dy't der foar de sjuery it meast útsprong wie "De Trije".



Dizze namme wie betocht troch famylje T. de Jong fan Tsiengerbuorren. (Foto Siep van Lingen)

Boele de Vries Dienstverlening

Boele de Vries is in handich mantsje. Hy hat yn Idaerd syn eigen hûs boud en hat in bedriuw yn de tsjinstferliening. Hy hâldt him dwaande mei gewaaksbeskerming troch it bestriden fan ûnkrûd, sykten en pleagen. Benammen yn gers en mais. Ek docht er ûnderhâld en reparaasje fan masines en konstruksjewurk. Hy makket bygelyks stielkonstruksjes. Foar de rest ferhiert er him oan bedriuwen dêr't se help nedich ha.

Klussendienst

Contactpersoon voor de maanden juni en juli is Agatha Vermeulen.
Telefoonnr. 06-22355234

Hoe denk jij over de toekomst van verkeer en vervoer in onze gemeente?

De gemeente maakt dit jaar een nieuw beleidskader mobiliteit. In dit plan staat hoe we de komende jaren om willen gaan met verkeer en vervoer in onze gemeente. Want wat is de rol van de auto, het openbaar vervoer of deeltaxi in de toekomst? Hoeveel ruimte krijgen fietsers of voetgangers? Gemeente Leeuwarden heeft een vragenlijst voor inwoners gemaakt. Het invullen van de vragenlijst is helemaal vrijwillig en volledig anoniem. Kijk voor de vragenlijst op www.Leeuwarden.nl/parkeren-verkeer-en-vervoer/mobiliteit/

Presentatie Woongroep



